

Lêze om te Learen

Tema:

Wenje



Lêze om te Learen is in holistyske oanpak fan lê sûnderwiis yn de foarm fan ûndersykjend learen, bedoeld foar de midden- en boppebou fan it primêr ûnderwiis.

Lêze om te Learen bestiet út in set fan tematysk relatearre rike teksten. Foar de ûntwikkeling fan lêsfeardigens yn it Frysk is it wichtich dat bern in rom en fariearre oanbod krije oan teksten.

Yn dit boekje fine jo teksten by it tema 'Wenje'.

Kolofon

Dizze útjefte is ta stân kommen yn it gearwurkingsprojekt Ynspirearjend Meartalich Underwiis fan it Lectoraat Meertaligheid en Geletterdheid fan NHL Stenden Hogeschool en Cedin.

Idee, tekst en ûntwerp: Sigrid Kingma en Klarinske de Roos

Earste printinge 2023 www.inspirerendmeertaligonderwijs.nl

Foar jo as dosint

It temapakkjet 'Wenje' bestiet út tsien teksten mei in ferskaat oan tekstsoarten, te witten persoanlik, ferheljend, poëtysk en ynformatyf. Yn it foarste plak leit de klam op it thús fielen, mar der is ek omtinken foar bysûndere wenten en de minsken dêr't se foar boud binne. It is handich om foarôfgeand oan it lêzen it tema te yntrodusearjen sadat learlingen mei foarkennis oan de teksten begjinne. Dat kin bygelyks mei in ferkenning yn eigen wenplak, of mei lesmateriaal fan de berneboekewike 2023 oer itselde tema. Bypassende printeboeken binne bygelyks *Wenje yn in skilderij* fan Lida Dijkstra, *Dingeman krijt wjukken* fan Eppie Dam, *In hûs fol ferhalen* fan Meindert Wijnstra en *Tije* fan Mirjam van Houten.

Tapassing fan de teksten

In subtema dat yn de earste fiif teksten weromkomt, is thúsfiële: in gefoel dêr't elk wat oer sizze kin. It gedicht *Ferhúzje* lient him goed foar in gedachte-eksperimint: wat soe ik it meast misse as ik ferhúzje soe? De tekst *Hjir is myn thús* kin dêr tsjinoer set wurde der't krekt wol in thúsgefoel yn beskreaun wurdt. It hekeldicht *Tegeltsjeswiisheid* lit mei humor neitinke oer it feit dat it net by elkenien thús like smûk en hûslik is. Dy tekst stiet wer tsjinoer it serieuze fraachpetear *Thús is it plak der't ik wêze wol* mei in jonge dy't syn hûs kwytrekke is troch oarloch. De tekst *Wenje yn in gedicht* hat in mear filosofyske ynslach oer in ferneamde dichter dy't skriuwt oer it thúsgefoel. Ferskillende teksten oer itselde ûnderwerp jouwe oanlieding ta diskusje en ferliking, wat learlingen útdaget om kritysk te lêzen en te reflektearjen op harren tekst. Twa groepkes learlingen kinne elk in oare tekst lêze en dêrnei mei inoar de ferbiningen beprate. Dy oanpak wurket ek meartalich: troch learlingen yn groepkes sels in ûndersyksfraach formulearje te litten en ferfolgens sykje te litten nei mear ynformaasje, lêze learlingen yn oare talen troch oer it ûnderwerp dêr't se al wat fan witte. Dat fergruttet de wurdskat en it lêsbegryp op effektive wize.

De teksten kinne ek in petearstarter wêze foar fraachstikken. De oare fiif teksten gean allegear oer bysûndere gebouwen dy't spesjaal boud binne foar in bepaald berop of doel. De tekst *Vijversburg* jout in nijsgjirrich histoarysk ynsjoch yn wêrom't minsken fan stân simmerhûzen bouwe lieten krekt bûten de stêd. By sawol *In hûs as in museum* as *It âlde tolhûs* hawwe de skriuwers persoanlike bining mei in bysûnder hûs der't eartiids pakes en/of beppes yn wenne en wurke hawwe. Yn de hjoeddeistige tiid lit *Wenje sûnder lúkse* sjen dat in soad minsken dreame fan in hûske mei karakter midden yn de natuer, al is dat net hiel praktysk. In moaie iepeningsfraach foar in Taalrûnte soe wêze kinne: Wêr soest graach wenje wolle? Hoe soe dyn dreamhûs derútsjen? Ta beslút is it boukundich perspektyf meinommen. Net oeral kin samar boud wurde, sa lit it ferhaal *Fersakking* sjen. It is in tekst oer de Aldehou út in rige ferhalen oer Oege, dy't oeral yn Fryslân komt. De tekst jout in moaie yngong om te praten oer de bou, in fraachpetear mei in boufakker te hâlden, en te ûndersykjen hoe't it sit mei ferskillende soarten grûn en fundearingen.

Goed lêsunderwiis

It gebrûk fan de teksten hâldt net op by de pear suggestjes dy't hjir dien binne. Lêze kinst keppelje oan petearjen, skriuwen, gearwurkjen en ûndersykjen yn alle foarmen, mar besykje ek ris te kleien, proefkes te dwaan of toaniel te spyljen oan de hân fan de teksten. Fakoerstijgende tapassings moedige wy tige oan. Wat yn alle gefallen NET de bedoeling is, is de tekst deaslaan troch kontrolearjende goed/fout begripsfragen te stellen. Stel prikkeljende fragen, lit neitinke en hâld in iepen blik. Lit learlingen sels út de tekst helje wat sy wichtich fine en bou dêr op fierder. Dan hellest it derút. Dat is goed lêsunderwiis.

Lêze
om te
learen



Ynhâldsopjefte

<u>Tekst</u>	<u>Side</u>
Ferhúzje <i>Froukje Annema</i> Gedicht oer it ferliezen fan je thúsgemoel troch ferhuzing.	3
Hjir is myn thús <i>Janneke Heslinga</i> Belibjende tekst oer hoe't it is om dy thús te fielen.	4
Tegeltsjeswiisheid <i>Sigrid Kingma</i> Gedicht as parody op fan dy húslíke buordsjes mei gesellige rigels.	5
Thús is it plak der't ik wêze wol <i>Ciska Noordmans</i> Fraachpetear mei in flechtling dy't hopet op in nij 'thús'.	6
Wenje yn in gedicht <i>Berber Spliethoff</i> Oer bekende dichters dy't sykje nei it thúsgemoel.	7
Vijversburg <i>Lara Kool-de Vries</i> Ynformative tekst oer in earder simmerferbliuw fan in foarname famylje.	9
It âlde tolhús <i>Lara Kool-de Vries</i> Oege syn mem fertelt hoe't pake en beppe yn in tolhús wenne hawwe.	11
In hús as in museum <i>Sigrid Kingma</i> Besite oan in seldsume sosjale hierwenning út begjin 20e iuw.	13
Wenje sûnder lúkse <i>Ingeborg Hoogsteen</i> Oer de romantyske sjarme fan in sober ydyllysk plakje.	14
Fersakking <i>Lara Kool-de Vries</i> Koart ferhaal oer Oege dy't de Aldehou beklimt.	15

Ferhúzje

No binne wy al wer ferhuze!
En dat 's al foar de fjirde kear.
Wy krije hieltyd moaiere huzen,
mar foar my hoecht it al lang net mear.

Us heit syn wurk dat is de oarsaak.
Hy makket ivich karriêre.
Konstant op jacht nei stân en status,
mar syn karriêre is myn misêre.

De buorlju binn' al wer wat sjiker.
't Is hjir in buert fan kâlde kak!
Mem bridget en tennist en jout party's
en heit seit: "Hjir binn' wy teplak."

Mar ik sit op myn nije keamer
oeren te stúmjen foar it rût.
'k Haatsje dit rothûs en dit rotplak!
As ik myn sin die, naaide ik út.

'k Mis myn âlde freonen, bin wér allinne.
Op skoalle ha 'k it min nei 't sin.
Yn 'e klasse kom ik der net tusken,
omdat 'k dêr wer 'dy nije' bin.

En ek al ha 'k in lúkse keamer,
mei nije meubels, balkon en dûs,
it fljocht my oan! 'k Sjit it balkon op
en raas oer dy kakbuert: 'Ik wol nei hûs!'

Froukje Annema

Hjir is myn thús

Janneke Heslinga

Hasto wolris yn in leech hûs west? Of in ferbouwing fan in hûs besjoen? Ik fyn it sa bysûnder hoe naver alles der dan hinne leit. Sa gewoan as in keamer is mei behang oan 'e muorre en meubels dy't teplak steane, sa oars is in hûs dat oer de kop leit. Wat in binde krijst as der earne in muorre út brutsen wurdt. Wat in stof en smoargens komt der tefoarskyn as de flier der út moat. En wat in wurk en geduld komt derby sjen om alles wer kreas te meitsjen.

Ast ris in hûs sjoen hast dat folslein oer de kop leit, kinst dy yntinke hoe noflik it is dat dyn hûs der better hinne leit. Dat hoopje ik yn alle gefallen foar dy.

Der binne sa'n soad ferskillende hûzen, en miskien wennest wol op meardere plakken. Yn in rychjeshûs, in twa-ûnder-ienkapwenning, in frijsteand hûs, in flat, in pleats, in skuorre, in loads, in wenboat. Neam it mar op.

Yn in protte doarpen en steden kinst oan in âlder hûs noch weromsjen foar hokker berop it hûs boud is. Miskien stiet by dy yn 'e omkriten ek in moai grut steatlik pân, foar de tsjerke oer. Dat

hûs hjit de pastorij en is eartiids boud foar de pastoar (soarte fan dûmny). It hûs is faak grut mei moaie hege ruten, tsjintwurdich kin in pastorij ek wol troch oare minsken bewenne wurde. Of in hotel wurden wêze.

Soest yn dyn omjouwing ek ris sjen kinne nei de âldere hûzen. Faak hat elk plak in sintrum mei bygelyks in haadstrjitte of stasjonsstrjitte dêr't de âldste hûzen steane. In hûs mei grutte ruten kin eartiids in winkel west hawwe dêr't de grutte ruten de etalaazjes wiene foar it te ferkeapjen guod. Alde skoalgebouwen hiene faak hiele hege ruten. Koest net nei bûten sjen sadat de bern gjin ôflieding hiene. Lokkich is dat hjoed-de-dei wol oars! Soms steane der noch âlde teksten op in gevel, dy't dy wat fertelle kinne oer de oarspronklike funksje fan it gebou. It boujier stiet der somtiden ek op. Nijsgjirrich hin!

Wist ek oft dyn hûs eartiids in oare funksje hân hat? Of it hûs fan dyn pake of beppe? En kinst ek betinke wêrom ast dy sa thús fielst yn dyn eigen hûs? Ast ferhúzje moatte soest, wat wolst dan perfoarst meinimme om dy ek op it nije plak thús fiele te kinnen?

Tegeltsjeswiisheid

Us buorfrou hat sa'n 'thús' boerd
foar it rút yn 't finsterbankje
ik wit wol wat betters foar dy
swiete leagens op dat plankje:

*Yn dit **hûs** libje we
graach lâns inoar hinne
houwe inoar de harses yn
om't we net goed **prate** kinne*

*Yn dit hûs helje we
de **ruten** previntyf út doarkezinen
slaan gatten yn de **muorre**
hingje yn de gerdinen*

*Yn dit hûs bliuwe
bargebiten as **toskôfdrukken**
yn grypearms en lurven stean
struie we mei ús nukken*

Set dat mar op in tegeltsje
de wierheid hat in skel lûd!
Mar it buorfrou op in bryfke jaan
dat doar ik net sa goed.

Sigrid Kingma

Thús is it plak der't ik wêze wol

Ciska Noordmans

Yonas komt út Eritreä. No wennet hy yn Ljouwert. In ynterview mei Yonas oer syn gefaarlike reis fan Eritreä nei Europa.

Wêr komsto wei?

Earst wenne ik yn Eritreä. It wie in provinsje fan Etiopië, mar troch in boargeroarloch komt dêr yn 1991 in ein oan. Doe't Isaias Afewerki presidint waard, wie syn partij de iennichste tastiene partij. Salang hy it foar it sizzen hat, giet it net bêst mei de minskerjochten. Der wurdt fochten, der ferdwine 'samar' guon dy't it net mei him iens binne, minsken wurde mishannele en yn de finzenis setten sûnder proses. Noch hieltyd is de situaasje net better wurden, en dêrom naaie minsken út. Se fiele eangst. Krekt as ik.

Wêrom bisto fuort gongen?

Yn Eritreä moat elk bern fan 18 de tsjinstplicht ferfolje. Nei trije moannen militêre training folget seis moannen skoalle. As dyn skoalsifers net heech genôch binne, wurdst militêr foar it libben. Ik wie bang want ik woe net fjochtsje. Sûnder ús heit en mem te fertellen, rûn ik fuort. De lêste nacht koe ik net sliepe. Ik wist dat ik har noait werom sjen sil. Yn ús doarp kenden wy inoar as ús jasbûske. Myn freonen en ik, we binne mei-inoar grutwurden, en dochs koe ik gjinien yn betrouwen nimme. Ik ferdwûn foar altyd.

Hieltyd fierder fan hûs.. hoe wie dat?

Ik gie rinnende nei Etiopië. Underweis kaam ik oare jonges tsjin dy't ek op 'e flecht wienen. Fia fia kamen wy yn kontakt mei in smokkeler. Fia Etiopië kaam ik yn Sûdan en letter yn Libië. It wie net maklik. Wy hawwe ûnderweis in protte honger, we binne deawurch en we wurde gauris slein. Ut Libië wei soene wy de oerstek nei Europa weagje, mei as doel it eilân Lampedusa. De reis waard in hel. Mei mear as 450 minsken sieten wy yn in lyts houten boatsje. Ien laach flechtlingen siet ûnder, mei de knibbels oplutsen, neistinoar. Sy waarden wiet troch de kieren yn it skip, en kotsmislik. Ik siet gelokkich boppedeks, opinoarpakt mei in soad oaren. Ik hie wol frisse lucht mar krige ek de folle laach oan seewetter oer my hinne. Ik wie hiel, hiel bang. Fia Itaalje en Frankryk kaam ik oan yn Amsterdam. Nei't ik trije jier yn ferskillende asylsikerssintra wenne, krige ik in moai berjocht: der wie in hûs foar my yn Ljouwert!

Wat misto it meast?

Myn famylje en myn freonen, dy mis ik it meast fan allegearre. Altyd sûnder har is sa ellindich. As it kin, en as it feilich is, gean ik miskien wol werom. Mar miskien ek net. It leafst wol ik it gefoel fan Eritreä werombringe yn myn hûs. Sadat myn hert net mear sa sear docht. In takomst mei in leaf Eritreesk famke datst neat út hoechst te lizzen, dat soe wat wêze. Tegearre zigni ite, pankoekjes mei fleis en saus, fan in grut acht-persoansboard. As it feest is, wite klean oan. Yn Tigrinya, de memmetaal, inoar ferstean en begripe, ek al sizze we gjin wurd. Ik wol der wer by hearre, want no bin ik oan it oerlibjen. Ik wol myn omjouwing begripe mar ek it gefoel fan thús werom hawwe. Fansels, feilichheid giet boppe alles, in dak boppe de holle is ûnmisber, sûkerbôle mei bûter is hearlik en krintebôle mei tsiis fyn ik ek lekker, mar thús is it plak dêr't myn hert wer iepengiet.

Wenje yn in gedicht

Berber Spliethoff

‘Alleen in mijn gedichten kan ik wonen.’

Dat sei Jan Jacob Slauerhoff, ien fan de bekendste dichters fan Nederlân. Hy kaam út Ljouwert en libbe fan 1898 oant 1936. As skipsdokter makke er moaie reizen en hat er hiel wat fan de wrâld sjoen. Dochs like hy him nearne thús te fielen.

Sa skreau er it gedicht ‘In Nederland’. Hjirûnder stiet it earste stikje, nei it Frysk oerset troch twa oare dichters Eppie Dam en Abe de Vries. Hy wol net yn Nederlân wenje. Yn it gedicht leit er út wêrom net.

Yn Nederlân

*Yn Nederlân wol ik net libje:
Moatst altyd op dyn lust begnibje,
Om wille fan de brave buorlju,
Dy't happich troch de ruten gluorje.
Ik reizgje leaver nei de steppen,
Dê't sielen fan gjin neiste witte:
Om't âljen fan myn lusten sil gjin riger reppe,
Gjin foks syn proai loslitte.
Út: Boechbylden*

Nederlân wie him net nei it sin, mar op oare plakken koe er it ek net fine. Slauerhoff like hieltyd op syk nei thús. Dat sjochst ek yn syn ferneamde gedicht 'Woninglooze' dy't yn Ljouwert op de krusing fan de Foarstreek en de Woartelhaven op in poëzytegel stiet. Hjir ûnder de earste twa strofen yn it Frysk.

Sûnder wente

*Allinnich yn myn fersen mei ik komme.
Noait wie 'k ergens better ûnder dak;
Foar sitte bij it hurdste fiede ik gjin swak,
In tinke waard troch hurde stoarmen nommen.*

*Allinnich yn myn fersen mei ik komme.
Salang't ik wit dat ik yn wyldernis,
Yn steppes, stêd en wâld dy ûnbeskromme
Noch oantref, deart mij gjin becommernis.*

Út: Boechbylden

Slauerhoff beskriuwt dat hy allinnich yn syn fersen wenje kin. Dat is fansels byldspraak want yn in fers kinst net wenje. Hy bedoelt dat er him thúsfielt yn de poëzy, mar net op echte plakken op ierde.

Dochs skriuwt er yn beide gedichten reedlik posityf oer de steppe. Soe er dan dochs in foarkar hân ha foar dat type lânskip? Hoe soe it wêze om altyd op syk te wêzen nei in thús?

Tragyk yn Tytsjerk

Lara Kool-de Vries

It is hjoed de Dei fan it Kastiel. Fan 'e middei sille heit en mem besjen oft se miskien earne flakby in kastiel fine kinne. En ja hear, in healoerke fan hûs ôf moat der wol wat wêze, in lân hûs út de 19^e iuw. Mem hat der in rûnlieding by boekt. Hielendal yn styl fertelt Geeske de Gids oer it lân goed. "It wie yn de 19^e iuw dat Boudine Looxma en Nicolaas Ypeij trouden. Boudine wie de iennichste dochter fan de hiele rike famylje Looxma. Nicolaas wie in dokter, dy't nochal heech yn 'e holle hie. Hy soe graach fan adel wêze, dus by it trouwen namen Boudine en Nicolaas in dûbele namme oan, krekt lykas de minsken fan adel hienen.



Winterdeis hienen se in moaie wenning yn Ljouwert, mar omdat de riolearring doedestiids noch net oanlein wie, stjonk de stêd simmerdeis ôfgrysluk mei de hjitte. Dat Nicolaas liet yn 1844 in simmerferbliuw yn Tytsjerk boue; it lân hûs Vijversburg.

Neist lân goed Vijversburg stie al sûnt 1525 in bûtenferbliuw fan de stêdhâlder George Schenk van Toutenburg. Hy is dejinge dy't de Swarte Wei tusken Tytsjerk en Ljouwert oanlizze liet. It gebou wie in toarn yn it each fan Nicolaas Ypeij. Yn 1860 koe hy it ferbliuw keapje. Hy bruts it ôf, sadat syn hûs it iennichste mânske gebou fan de omjouwing wêze koe.

It echtpear Looxma-Ypeij krige ien bern, in soan; Age. Doe't Nicolaas ferstoar, namen Age en syn mem permanint de yntrek yn Filla Vijversburg. Boudine hope op in erfgenamt, dat sy naam in selskipsdame oan; Helena Malinckrodt. It wie in dame fan Dútse komôf en tige tûk. Se koe wol fiif talen prate, ek it Frysk. En dat wie mar goed ek, want op Lân goed Vijversburg waard Frysk praat. Nettsjinsteande dat Helena sljocht op Age wie, krige se spitigernôch gjin bern. Wie Age net ynteressearre? Dat witte wy net, mar wat we wol witte is dat hy wist dat er bernleas stjerre soe. Dat hy liet in testamint opmeitsje. Der stie yn dat der in stichting oprjochte wurde moast; Stichting op Toutenburg, dy't it lân goed ûnderhâlde moast. Der stie ûnder oare ek yn dat in diel fan it park iepensteld wurde moast as kuierpark. En dat is no noch sa.





It park Vijversburg is dus sûnt 1892 eigendom fan Stichting op Toutenburg. Der binne noch altyd mannen oanstelt as reginten oer it lângoed. Doe 't Age yn 1892 ferstoar wie de filla noch twa kear sa grut as no, mar it ûnderhâld wie te mansk foar de reginten, dat de helte fan it gebou is ôfbrutsen.

Yn 1895 bout Stichting op Toutenburg yn opdracht fan Age in grut hûs mei 20 keammerkes foar de 20 alderearmste minsken fan Tytsjerkeradiel op it âlde fûnemint fan it bûtenferbliuw fan Van Toutenburg. Sy mochten hjir fergees wenje en krigen in grientetún en wat jild, om se wer op wei te helpen. Tsjintwurdich wurde de hûskes ferhierd. De wei hjit noch altyd "Swarteweisein".



Geeske hâld op fan praten en dan meie se it lânhûs en it teehûske sels besjen. Oege en syn suske meie har foar dizze kear ferklaaie as wiere minsken fan stân. Oege hat dêr net sa folle nocht oan. Mar syn suske fansels wol! Oege boartet leaver mei heit mei it âlderwetske boartersguod dat bûten dellein is. En foar hiel even wane se har de nea berne bern fan Age yn de 19^e iuw. Hoe soe alles west ha, as Age wol in erfgenamt krigen hie?



It âlde tolhûs

Lara Kool-de Vries

“Witsto wol dat it ferhaal giet dat ús oerpake en -beppe yn it tolhûs oan de Bonkefeart yn Ljouwert wenne hawwe?” mem blêdet troch âlde foto boeken. “Wat is dat, in tolhûs?” wol Oege witte. Hy giet njonken mem sitten, lekker ticht tsjin har oan. Der komt no in moai ferhaal, wit er. “No, oant en mei de 20e iuw moasten minsken betelle om gebrûk te meitsjen fan de dyk of it wetter. Dat hjitte: tol betelje. De lânhear en letter de provinsje koe mei it toljild de dyk of de wâlkanten ûnderhâlde. Omdat de lânhear net oeral tagelyk wêze koe fansels, hie hy tolleners yn tsjinst. In tollener is in man dy’t it jild yn ûntfangst nimt fan de minsken dy’t fan de dyk of it wetter gebrûk meitsje. Hy soarget derfoar dat it jild wer by de lânhear telâne komt en fertsjinnet dêr dan sels ek wat mei.

Yn de 17e iuw groeide de hannel en ek it oantal minsken yn ’e stêden. Der kamen hieltyd bettere diken om oer te riden, mei hynder-en-wein, en letter mei auto’s en der kamen ek kuierpaden. Ljouwert wie in hannelsstêd. Dy hannel gie benammen oer it wetter, dat der wie in protte boatsjeferkear. It wie dus ek wichtich om de wâlkanten en de farwegen goed te ûnderhâlden. Doedestiids koest Ljouwert net yn of út komme sûnder te beteljen. Oeral wiene tolleners yn tolhûskes. Lâns de dyk wiene dat meastentiids lytse hokjes dêr’t de tollener oerdeis yn siet. Mar lâns it wetter wiene it wenhûskes, dêr’t de tollener mei syn húshâlding yn wenne.



Us oerpake en -beppe, pake en beppe Tolhûs sa as wy se neamden, hiene in foar- en in efterhûs. Dat wie gewoan foar in tolhûs. In efterhûs is eins in lytser gebou, dat mei it foarhûs yn ferbining stiet, yn dit gefal mei in hal. Dat wie maklik foar de tollener. Sa koe hy oan it wurk sûnder dat er lêst hie fan de drokte fan syn húshâlding. Hjir sjochst it hûske. Us beppe stiet rjochts en har heit en mem sitten njonken har.

Oft dit no it wiere tolhûs west hat, dat is net nei te gean. Oant en mei 1986 stie der nammentlik in kafee rjochts neist it hûs fan ús oerpake en oerbeppe, dy’t ek de titel ‘Ald Tolhûs’ brûkte. It soe kinne dat dit kafee oer in soartgelikens wenninkje as dat fan ús pake en beppe Tolhûs, hinne boud is. Mar it hûs fan pake en beppe Tolhûs, stie njonken de âlde brêge, dus harren ferhaal kin ek samar wier wêze. Dan is der letter gewoan in kafee neist boud. Fierdere dokumintaasje ûntbrekt spitigernôch. It kafee is yn 1986 ôfbrând en net wer opboud, mar it hûske fan myn oerpake en -beppe stiet der noch wol! Hjoed-de-dei is it in bistedokterpraktijk; ‘Dierenartsenpraktijk Tolhuis’, oan de Groningerstraatweg 377.



Dêr haw ik ek in foto fan, efkes wachtsje. Dit is 'em, kinst in stikje fan de nijere brêge sels noch sjen. Yn alle gefallen wie pake Tolhûs sels al gjin tollener mear. Tsjin dy tiid waard der nammentlik gjin tol mear heft, mar betelle minsken belestingen foar it ûnderhâld fan de diken, de wâlkanten en de farwegen. Yn Nederlân binne der no noch fiif toldiken yn gebrûk. En wilst noch wol dat we lêsten te farren west hawwe? Doe mochtsto hieltyd by in brêge of in slûs muntsjes yn it klompke fan de brêgewipper smite, wilst noch? Dat is eins ek in soarte fan tol betelje.

Yn Frankryk bygelyks, moast noch hieltyd betelje om oer de grutte sneldiken te riden. Mar ek yn Nederlân binne der no noch 5 toldiken yn gebrûk. En wilst noch wol dat we lêsten te farren west hawwe? Doe mochtsto hieltyd by in brêge of in slûs muntsjes yn it klompke fan de brêgewipper smite, wilst noch? Dat is eins ek in soarte fan tol betelje.

Pake en beppe Tolhûs, lieten harren dochter, ús beppe, mei har húshâlding yn it efterhûs wenje, wylst sy sels yn it foarhûs wenne. Doe't ús beppe swier wie fan har fjirde bern, ús mem dus, waard it efterhûs te lyts. Pake en beppe Tolhûs woenen net fan hûs ruilje, dat doe binne sy ferhuze. Doe't pake en beppe Tolhûs ferstoarn wiene, is it tolhûs ferkocht. En sa komt it dat it wenninkje net mear yn ús famylje sit.

Sjoch hjir bin ik as poppe, yn it Tolhûs, bij pake Tolhûs op 'e skoat. En dat is ús mem! Wilst datst der noch altyd del farre kinst? Sille wy dat meikoarten mar ris dwaan?" Dat liket Oege wol wat.



In hûs as in museum

Sigrid Kingma



Yn Houtigehage stean twa bysûndere âlde hûskes. It binne de earste hûzen fan de sosjale wenningbou yn 1909. Keurige wenten midden op in opfallend grutte kavel. It iene hûske is noch bewenne, en dat is modernisearre. It oare is in museum.

Yn dat museum hat myn beppe wenne. Se wie noch in lyts famke doe't se der kaam te wenjen. In idyllysk plakje, soest sizze. Fan wat ik derfan heard ha, hat beppe net in moaie jeugd hân. Se wenne nammentlik net by har âlden, mar by har tante. Dat wie om't har heit siik wie, en har mem noch twa âldere bern hie dy't ek ite moasten. Beppe libbet net mear, mar ik kin my yntinke dat se der net graach oer prate woe. Se moat har ferskriklik ôfwiisd field ha troch har âlden.

It hûske oan de Skoallewyk yn Houtigehage sjocht der dan wol skattich en deeglik út, it hat foar beppe nea as thús field. Us mem hat wol ferteld dat se net op souder komme mocht. Allinnich har tante wist wêr't se rinne koe sadat se der net trochhinne sakje soe. Dêr bewarren se har foarrieden. Se sliepten yn bedstees yn de wenkeamer tsjin de súdkant oan.

De wenten wienen bedoeld foar arbeiders. Likegoed hie it hûs oan de achterkant in ynpandige skuorre, lykas in pleats in bûthûs hat. It hiem deromhinne is net foar neat sa grut. Der is plak foar in hoekje bou, wat fruitbeammen en in geit, sadat bewenners harsels rêde koenen. Likegoed sil it net in fetpot west ha, mar dat stikje lân derby is hiel bysûnder. It wie in teken fan sosjale foarútgong oan it begjin fan de tweintichste iuw.



Letter ferdwûn dy fyzje ek wer om hierwenten as selsfoarsjende pleatskes te bouwen. It hûske der't myn beppe wenne is hiel seldsum. It is net foar neat in monumint. It hûs is hast yn orzjinele steat, wat ek bysûnder is. Ik hie der noch noait west, mar no stap ik foar it earst oer de drompel fan it museum. Ik sjoch deselde muorren en deselde balken as myn beppe, tachtich jier lyn. It nuvere is: ik fiel my der fuort thús.

Wenje sûnder lúkse

Ingeborg Hoogsteen

Oan it wetter by Dronryp stiet in ferfallen hûs. Foarich jier kaam it te keap. It waard sels de meast besjoene wenning fan 2022 op wenningwebsiteside Funda. ûnderwilens is it ferkocht.

It hûs leit oan de Boalserter feart en it Van Harinxmakanaal. Fia dizze wetters koest út Ljouwert wei fia Wommels en Boalsert yn de Súdwesthoeke komme en oarsom.

165 jier lyn wenne hjir in brêgewachter dy't de klapbrêge betsjinne njonken it hûs. Hy die de brêge iepen foar trekskûten. It âlde jaachpaad út 1649 kinst noch sjen. It is in smel paadsje by it wetter del dêr't hynders stapt om de skippen foarút te lûken,



It hûs mei de flapbrêge yn 1858. Boarne: Struiksma Makelaars

Gjin lúkse

Kinst der no allinnich mei in boat komme. Ast nei it húske giest, moast in amer reinwetter brûke om troch te spielen. Der is ek gjin wifi, elektrisiteit of ferwaarming.

Dochs wie dat ôfhandich hûs út 1855 in grutte hit op ynternet en rap ferkocht. De lokaasje is neffens de makkeler sa ynspirearjend dat de rest harren net útmakket.

As dit dyn hûs wêze soe, wat soesto der dwaan?

Fersakking

Lara Kool-de Vries



De Aldehou yn Ljouwert.

Hjoed giet Oege mei skoalle nei de Oldehove ta yn Ljouwert. Wat stiet dat ding skeef! Noch in bytsje en hy kin wol omfalle! It liket wol de toer fan Pisa, mar dan mei in ekstra knik deryn. Eins doart Oege der net yn, hy kriget it der benaud fan. “Master, hoe komt dy toer sa skeef?” wol er witte. “Dat hat te krijen mei fersakking, dêr sil ik jimme op skoalle mear oer fertelle” en master wol nei boppe ta, de trep op. “Eh master, is dit wol fertroud?” freget Oege. Pas as in meiwurker him gerêststelt, doart hy ek nei boppe.

Fersakking

Op skoalle begjint master te fertellen oer it fersakjen fan gebouwen. “Oeral op ’e wrâld docht dat ferskynsel him foar, mar we sille it hjoed oer Fryslân ha”. It hat meastentiids te krijen mei drûge simmers en in leech grûnwetterpeil. Ferskate huzen fan foar 1970 hawwe hielendal gjin fundearring. Se binne sa op ’e grûn delset. As de boaiem sakket, sakket it hûs ek mei fansels.

Oarsaken

De drûchte is in gefolch fan de klimaatferoaring. Mar dat is net de iennige oarsaak fan it lege grûnwetterpeil. Yn 2008 hawwe de Wetterskippen yn in protte gemeenten yn Fryslân it grûnwetterpeil sels ferlege. Sa kinne boeren it lân better bewurkje, ek winterdeis. As de grûn te wiet is, kin de boer der nammentlik net oerhinne mei syn swiere masines, mar se hienen net yn de rekken dat it ferleegjen fan it grûnwetterpeil fersakking fan gebouwen feroarsaakje soe.

Peallen

Foar 1970 waard der yn klaaigebieten sa as yn Fryslân noch heid mei houtene peallen. Dy peallen hawwe in konstante hege grûnwetterstân nedich. Dan kin der nammentlik gjin soerstof by de peallen komme en sa sil it hout net rotsje. Mar it grûnwetter stiet no 50 oant en mei 100 cm leger as eartiids. No kin der dus wol soerstof by it hout komme en kinne de peallen wòl rotsje. Ek baktearjes doggen harren wurk. De peallen kinne it hûs dan net mear hâlde en sa kin de wenning fersakje. Nei 1970 is der allinnich noch mar heid mei betonnen peallen. En huzen boud op betonnen peallen sille mar komselden fersakje.



Alde heipeallen fan hout.

Gefolgen

As de houtene peallen oantaast binne, of as der hielendal gjin fundearring is, sille der earst skuorren yn de muorren ûntstean. Dernei sille de duorren en ruten klamje. Dan sille de muorren skeef komme te stean. En op it lêst is der gefaar foar ynstoarten.

Oplossingen

As de peallen noch net oantaast binne is de oplossing hiel ienfâldich, nammentlik it ophegen fan it wetterpeil. It Wetterskip moat dit dwaan yn oerlis mei gemeenten en de Provinsje, mar dat is dreech te ferkeapjen oan de boeren fansels. As de peallen fan de huzen wol oantaast binne, sil der in nije fundearring komme moatte. In nije fundearring kostet in protte jild. De gemeenten jouwe no wol ta dat de fundearring troch harren kar fersakje kin, mar jouwe meastentiids gjin kompensasje. Wol biede se in liening oan.

Oege is der net gerêst op. Thús freget er, “Hee Heit, wannear is ús hûs eins bout?” “1983 liuw ik, hoesa?” Oege seit neat werom, mar pakt ferromme de klaai derby dy’t er mei syn maat út de grûn helle hat. Se sille fan ’e middei besykje de Oldehove dêrmei nei te bouwen.

© 2023, Lectoraat Meertaligheid en Geletterdheid,
NHL Stenden Hogeschool
Rengerslaan 8-10, 8917 DD Ljouwert
lectoraatmg@nhlstenden.com
ISBN 9789082883732

De útjefte is mei tastimming frij te brûken foar edukative doeleinen. Neat út de útjefte mei oerset of kommersjeel ferspraat wurde.